

De fiskhannel en fiskkwekerij fan de fam. De Haan

Myn pake, berne 30-5-1889, is earst boerefeint west op Goaiingahuzen en is letter beropsfisker wurden. De prizen foar de fisk wiene yn dy tiid dusdanige min dat de beropsfiskers mei elkoar in feriening oprjuchte hawwe om in bettere priis foar harren fisk te krijen. Dat spile yn 1921 en dy feriening hjitte "De Coöperative Vischafzetvereniging Hâld fêst." Ik wit wol net hoefolle leden oft der yn it begjin wiene. It wiene fiskers út Grou en omstreken, sis mar. Sa as út Poppenwier, Tersoal, Nes, Akkrum, Warten, Terherne. Ja oerol kamen se wei. Sels fiskers oan de Tsjûkemar wiene der lid fan. De fiskers moesten de fisk wol ferplicht ynleverje bij de koöperaasje. Dy koöperaasje ferkocht de fisk en as je no bijg. tritich leden hiene dan koene dy mei elkoar in folle bettere priis betingje as dat elk foar himsels de fisk ferkeapjen gong. Dêrom is "Hâld fêst" oprjuchte. Se ha as koöperaasje bij Bylsma yn Warten in boat bouwe litten mei in beun deryn en in roefke foarop en ús pake foer dêr op. Hij gong mei de boat bij de fiskers lâns en helle bij har de fongen fisk op.

We hiene iel, mûdhûn, snoek, snoekbears en heel inkeld namen we ek bleien mei. Dy bleien neamden we "puf." Dy hiene ek gjin waarde natuerlik. Se gongen nei Harderwyk dêr waard der fiskmoal fan makke. Mûdhûnen dy gongen in soad nei Dútslân ta. Dêr wiene de Dútsers gek op. De snoek gong faak nei Frankryk. Dêr ha ik noch wol frachtbrieven fan.

Us heit rikke de mûdhûnen sels ek wol. Dan wiene se ek hearlik. Us mem makke ek foarnen, mei fan dy dikke rêgen, hartstikke lekker klear. Dy kamen allegear rjuchtop yn de panne te stean. In stik of tsien. Mei goed bûter derbij waarden se stoofd. Dat wie sa lekker. De bonken en alles koest mei opite.

"Hâld fêst" ferkocht de fisk wer troch oan lanlike gruthannels. Sa siet der bijg. in gruthannel yn Woudrichem, Nieuw Vennep en Swartslús. Dy kamen eartiids al mei auto's, frachtweinen, bij ús. Dêr sieten tenken op mei suerstofflessen. Dy hellen foaral iel op en dy moesten libjen bliuwe. De snoeken en de snoekbearzen gongen ek nei deselde firma's ta, mar dy waarden har yn kuorren tastjoerd. Tiennen kuorren. Earst kamen der flochten matten yn dy kuorren dan in tal snoekbearzen. Dêr diene we dan in laachje iis op en dan wer in tal snoekbearzen ensf. As de koer fol wie kaam der in deksel op dat we mei sisal touwen fêstflochten. De iel kaam yn grutte kisten. Dy kisten wiene sa'n 60 sm. breed en in dikke meter lang en dêr pasten fiif laadsjes yn fan in sm. of 7 heech. Yn dy laadsjes sieten gatten en dêr kaam de iel yn. En yn it boppeste laadsje kaam iis. In iel kin heel lang libje as er mar wiet bliuwt. Dy kisten wiene swier en der kamen ek noch beugels omhinne. As de kisten ferfierd waarden smolt it iis en rûn it kâlde wetter troch gatsjes yn de laadtsjes dêr ûnder. Sa bleau de iel yn libben. Yn de treinen stiene ek spesiale lekbakken foar dizze kisten. Op it lêst kaam der noch in label oan de kuorren en kisten sadat elk sjen koe wert se hinne brocht wurde moesten. De kisten siet statsy jild op de kuorren net. Dan gongen de kuorren en kisten mei de boat nei it spoardok. Bij it spoardok stie altyd in karke dat we brûke mochten. Dêr setten we de kuorren en kisten op en dan rieden we nei it perron. Op it perron stiene we op in fêst plak. Dan kaam in gewoane passagierstrein en dêr siet dan in soarte fan goederenwagon tusken of in wagon dêr't fracht yn koe. De masinist wist fan ús hannel mar hij koe lykwols net wachtsje oant wij alles kreas ynladen hiene. Dus de doarren gau iepen en de kuorren en kisten der yndonderje en dan ried de trein wer fuort. Dy koe fansels net fiif minuten wachtsje oant wij alles der

kreas yn hiene. Meastal wie de ôflevering bij de trein ien kear yn'e wike. Dat wie in drokke boel want der waard in protte fisk sa fuortbrocht.

Se fearen wol trije, fjouwer dagen yn 'e wike bij de beropsfiskers lâns. Do wiest bijg. al in heale dei kwyt asto nei ien of twa fiskers op'e klaai moest. Us heit en pake wiene eins altyd tegearre der op út. De iene stjoerde en de oare gong de fisk dan al sortearen. As se lange reizen makken dan sliepten se nachts ek yn de boat. Mar it koe skynber wol út. De fisken waarden altyd fuort woegen. Ik ha noch in âlde evenaar dy kaam oan in baskúl te hingjen. Dan kaam de fisk yn in wat tarinnende amer oars krûpte de iel der samar út en dat waard dan mei gewichten woegen. Doe't ús pake stoarn wie, yn 1960, gongen Gerrit en ik tiisdeis om beurten mei ús heit bij de fiskers lâns.

Oft ús pake ek boekhâlder fan de koöperaasje wie dat wit ik eins net. Wol waarden der troch de leden om it jier of om de twa jier in foarsitter en in pear bijsitters keazen. Dat wiene eins de bestjoersleden en dy regelen de gong fan saken. Mar de fisk kaam allegear bij ús. Dat hat altyd sa west. En letter doe't yn de loop fan de jierren der minder fiskers kamen hat ús pake de hannel oernommen en is de koöperaasje opheven. Dat wie yn 1946. Doe is ús pake ûnder de namme "G. de Haan en zoon" fierder gongen. Hij naam ek de boat oer. Us pake wie sels ek fisker mar ús heit hat sels nooit fiske. Hij wie altyd bij ús pake yn tsjinst en hat letter wol syn spul oernommen mar hij bestie fan de hannel. Yn de tritiger jierren hie er op de oare kant fan de Grou al in hûs bouwe litten en dêr stie ek it iishok bij dat de koöperaasje dêr bouwe litten hie. It iishok wie nedich want de fisk koe net sûnder iis ferstjoerd wurde. Seker net yn waarme simmers. We skepten dus winters it hok fol iis. Ut de Grou seagen we blokken iis en dy waarden mei heakken der úthelle, nei it hok sleept en dan sa fyn mooglik slein. Oan grús. Dan siet der gjin lucht tusken. Dat gong sa lang troch oant it hele hok fol iis siet. As it mei siet duorre dat sa'n 14 dagen. En as it in minne winter wie mei hast gjin iis dan gongen we nei de legerwâl fan de mar en skepten we de boat fol mei fan dat diggelguod. Dat wie noch mear wurk want je moesten it yn'e boat skeppe, thús der wer út helje en dan noch yn it hok bringe. Der koe ek net in soad iis yn de boat want der sieten beunen yn en troch te folle gewicht koene de beunen oerrinne. Doe't we noch jonkjes wiene en we fearen ris mei dan moesten we ek wol oer Akkrum. Dêr wie in eksportslachterij, dêr koene we dan fan dy staven iis keapje. Dy wiene 20 by 20 sm. en oardel meter lang. Dan hiene we gewattearde tekkens mei en dêr waarden de staven dan yn'rôle. Oars raande de boel. Ja it wie in moaie tiid hear. It iishok wie in isoleard hok mei dûbele muorren mei turfmolm der tusken en in hele dikke doar. It wie hast sa great as in wenhûs. Sa'n 6 bij 6 meter. Dêr sloegen we it iis yn op. Mar it wie fansels tydlik want as je in sinnige maityd hiene of in waarme simmer dan bleau der fan it iis net folle oer. Dan smolt bij de muorren it iis fuort. Op'e solder mochten je beslist net rinne want dan sakken je der troch. Letter koene je sels iis meitsje. Wij krigen it iis doe fan Sikke Bangma dy't eigner fan it Theehús wie. Hij ferkocht doe al ijsko's en hie in iisbufet. Der kamen "diepvrieskisten" dy 't ik dan bij de Schiffart laske.

Doe't it spoardok der net mear wie moesten we alles nei de kade bringe. Dan gongen we mei de skou en misskien wol tsien kisten mei iel deryn oer de Grou. Ik mei of Gerrit want de kisten moesten ek op de kade tild wurde en dat wie foar ien man net te dwaan. Dan helle Wietse Buske mei sa'n laadbakje de kisten op. Dy ried op de trein. Mar wij moesten wol op

tiid op de kade wêze. Soms hiene we bij it oerstekken lêst fan lange slepen skippen dy't noch troch de Grou fearen omdat it kanaal der noch net wie of fan de golven omdat we al tige djip leine en hast gjin bod mear oer hiene. Dat wie ferskriklik. Dan gau nei it stasjon. Letter wiene we net mear ôfhanklik fan de trein. Dan kaam de gruthannel mei frachtweinen. Mar yn it begjin koene je bij ús nooit mei in frachtwein komme want de Garde Jagerswei is pas ein fyftiger jierren oanlein.

Yn 1953 is ús heit begongen mei it kweken fan snoeken. Dêr is er foar frege troch de O.V.B. ,de Organsatie Verbetering Binnenvisserij. In ryksynstelling. Dat wie in grutte organisaasje hear. Se hiene ek in hele grutte kwekerij bij de sintrale yn de Flevo- polder. De stand fan de snoeken gong achterút en dêr woe men wat oan dwaan. Us pake en heit kamen eins yn tsjinst bij de O.V.B. Dy betellen syn oeren. Inkele fiskers krigen fan de O.V.B fergunning om yn maart en april op snoek te fiskjen en wij hellen dy snoeken dan bij har wei. Fan de aikes, it kût, wurdt yn de natuer faaks minder as tsien prosint grut mar as je it mei de hân dogge dan helje je wol in persentaazje fan mear as njoggentich prosint. En dêr gong it om. Achterhûs krigen we fan de O.V.B. in "kweekhuisje. It "broedhokje" neamden we dat. Dêr stie in grutte tafel yn mei wol tweintich trechters. Dêr kamen de aikes yn. De snoeken waarden bij ús thús ôfstrutsen. Mei de hân strutsen we oer it liif fan de snoeken en dan kaam der in straaltsje kût foar't ljocht. Ek kaam der noch homfocht bij. Dy snoeken waarden ek ôfstrutsen. Dan diene we it kût en it homfocht tegearre yn in grutte skaal. Dan moesten we in tsien minuten riere oars waard it suver in pankoek want dy aikes hiene in soort sûgend fermogen. Dan kleefden al dy aikes oaninnoar. Dan diene we der heel fersichtich wat wetter bij en gong it spul yn sa'n trechter. Fan ûnderen waard der wetter ynspuite. Dat like in soort paddenstoel; yn it midden kaam it omheech en lâns de kanten sakke it wer nei ûnderen. Yn it begjin brûkten we bûtenwetter mar as dat wetter kâld wie duorre it lang foardat de aikes útkamen. Letter pompten we wol wetter út de Grou mar is der noch in sintrale ferwarmingsinstalaasje tusken kommen. Dan waard it wetter ferwarme en kamen de aikes earder út. Dat wie in moai systeem. En as de aikes útkamen diene we se yn in grutte bak. Dy wie sa'n tweintich sm. heech en 1.20 m. bij 2.00 m. grut. Dêr kamen se dan in dei of tsien op te lizzen en dan kamen dy snoekjes út. Yn dy bakken sieten se op ielstikels dy't wij der yn dien hiene. En as se dan goed libben wiene lieten we it wetter der ôfrinne en waarden de lytse fiskjes, sa'n 1 sm. grut, fersamele. It wiene dan krekt fan dy dikkopkes. Dy kamen dan yn in amer en mei de boat en tûzenen jonge snoekjes fearen we dan bij de reidkragen lâns en waarden se útsetten. In hele boel kût, ja amers en amers fol, gong ek nei de Flevo-polder want wy koene alles lang net ferwurkje. Dêr koene we ek aisykje want se wûne yn dy kweekfivers gjin merkels en einen hawwe want dy soene alle "broed" opfrette. Dus dy fûgels mochten dêr net briede. Sa kamen wij wol ris mei in auto fol aaien thús.

Earst kweekten se de lytse snoekjes fierder op yn de net mear brûkte wetterbakken, fan de Ljouwerter wetterlieding, bij de Tynje mar nei inkele jierren kaam de kwekerij tichter bij hús. Yn it String makken se oan dizze kant fan de Spokesleat twa grutte fivers en oan de oare kant ien. Dy fivers wiene sa'n 60 meter yn it fjouwerkant en der stie sa'n 20 sm. wetter op. It lân hierden we fan'e tsjerke. Yn dy fivers diene we ek snoekjes dy't krekt útkommen wiene. Der siet in soort drainaazje systeem yn sa'n fiver mei in hoofdgreppel en allegear sydgreppeltjes en dêr sieten se dan in tweintich tal dagen yn. Langer koe net want dy

snoekjes frieten elkoar dan op. It wiene echte kannibalen. Je koene se dus net te lang yn dy fivers hâlde want dan holden je gjin snoekjes oer. We koene it wetter nei dy tweintich dagen wer yn in sleat rinne litte. Foar de útgong kaam in fûke wêrt we de snoekjes wer yn fongen. Dat duorre sawat in dei dan wie sa'n fiver leech. Dan rûnen we noch even bij de greppels lâns oft der ek noch snoekjes yn it gers achterbleaun wiene. It gêrs yn de fivers moest geregeld meand, ek as der wetter yn stie, want oars koene we de snoekjes nooit wer werom fine. De fiskklubs koene "broed" bij ús krije mar ek troch-kweekte snoekjes. Dat hold allegear op yn 1974

Yn myn bernejierren fûn ik it allegear tige spannend. It wie in prachtige tiid.

Wolter de Haan